

# Minsklike luzen en meunsterlike tiken

F25 25-2-12

## Roman

troch Jaap Krol

**L**odde, Poatse, Kjille, Mertsje en Aksel binne gjin gewoane nammen. It binne ek gjin minsken, lit stean taastbere kreatueren. It boek *Lúshâlding* spilet him ôf yn de hierrige en skimerige wrâld fan luzen en oare brutale parasiten. In hiel apart universum dus, dêr't de lytse skepsels yn in grutte kosmos fan de iene nei de oare planeet (mei)reizgje.

Luzen hawwe te krijen mei deistige woeste stoarmen as it de gasthear wer ris te mâl wurdt. Mar se hawwe ek leaf,

drinke wolris tefolle, dichtsje oer it bestean, wifelje oan harren seksuele identiteit en sykje in ferklearring foar harren bestean yn it hegere. It meast lykwols hawwe se te krijen mei harren natuerlike tsjinstanners, lju dêr't se yn harren ûneinige habitat no ienris mei te krijen hawwe: tiken en motten. Dy tiken sjogge derút as meunsters mei yslke klauwen, wylst de motten mei militêre presysje hannelje. As heit Lodde healwei it boek siik wurdt, moatte der in saneamde motteling helle wurde, in krêftich medisyn om better te wurden. Dat is it begjin fan

in ferbale en gewelddadige striid tusken skytlytse parasiten, dy't grutte minsken ta de teannen ferachtsje.

*Lúshâlding* is it proazadebút fan dichter en *Farsk*-redakteur Geart Tigchelaar. De yllustraasjes yn it boek binne fan Hindrik Wiebe Rinzema. Mei it kiezen fan luzen as perspektyf hat Tigchelaar wis in orzjineel en faak grappich boek skreaun. Tagelyk fyn ik dat dizze debutant wol skave moat oan syn ferteltechnyk. Yn it foarste plak makket it boek net echt in kar tusken in roman of in seary ferhalen. It gefaar fan dat middenpaad

is dat de toan te faak oan 'e fletse kant is en it tempo te leech. Yn kombinaasje mei in wat útlizzerige styl en soms wol hiel geef Frysk liedt dat yn guon passaazjes ta in bepaalde saaiheid.

Twads kin in orzjineel gegeven as it bestean fan in luzehúshâlding it gefaar yn him hawwe in trúkje te wurden. Yn it ferhaal moatte luzen wol minsklik wurde, oars is it de fraach wat de mearwearde fan dizze húshâlding is. It literêre bist is ommers noch altyd in suver mins, mei al syn nuvere eigenskippen. It giet oer minsklike karakters dy't

op inoar reageare en sa ynterminsklike prosessen, gedachten of emoasjes útfersjutsje, miskien begryplik meitsje.

Tigchelaar hat in moaie earste stap set, mar ynhâldlik mei it mei mear raffinemint. Ik wachtsje dus mei nijsgjirrigens op de opfolger, want foar alles jildt dat ik it sá apart noch net meimakke haw.

**i** *Lúshâlding*. Geart Tigchelaar. Friese Pers Boekerij 2011, 14,50 euro

